



# Dit is de dei...

## Sara en Simon folgje Jezus

*troch Foekje-Fleur Fink*

Sara en Simon belibje, tegearre mei harren grutte broer Daniël, heit en mem, pake en oare famylje de ferhalen fan 'Dit is de dei...'. De hele famylje wurdt doopt yn de Jordaan en begjint 'in nij libben'. Dat makket dat se Jezus folgje op syn reizen troch Palestina en op de besites dy't Jezus ôfleit. Soms binne Sara en Simon derby as Jezus minsken better makket. Of se hearre fan pake, harren grutte broer Daniël en oaren oer Jezus.

Sara en Simon binne op deselde dei berne, in twilling dus. Sara is de âldste en tige nijsgjirrich. Simon is de jongste, mar wol de grutste. Sara fynt Simon eins mar in wiisprater, want dy hat op alle fragen wol in antwurd. Simon fielt himsels, as Daniël net thús is, de grutte broer en neamt Sara 'myn suske'. Dat makket Sara poer. "Mar ik bin lekker de âldste fan ús beiden!" ropt se dan.

### De doop fan Jezus

(Lukas 3,1-22)

Heit hie heard dat Jehannes fan in nij libben fertelde. En dat er minsken doopte. Soms sels hele famyljes. Dêrom wiene se mei elkoar as famylje nei de Jordaan kommen om Jehannes te hearren.

Pake wie ek meikommen. Hy luts Jehannes nijsgjirrich oan 'e mouwe en frege: "De minsken sizze dat jô de Kristus binne. Is dat sa?"

Jehannes draaide him om en sei: "Nee man, dat bin *ik* net! Ik doop mei wetter. Hy sil dope mei de Hillige Geast en mei fjoer."

Teloarsteld sloech pake syn eagen del en suchte fan wurgens. Moasten se no noch langer wachtsje?

Jehannes seach it en frege: "Binne jo hjir allinne?"

Pake skodholle en sei: "Nee, myn hele famylje is hjir. Sjoch!" Hy wiisde nei de heit en mem fan Sara, Simon en Daniël, mar ek nei de omkes en tantes mei harren bern.

"Wêr komme jim wei?" frege Jehannes.

"Sy wenje yn Kafarnaüm." Pake wiisde nei Sara en Simon. "Dêr hearden se dat der yn de Jordaan doopt waard."

Jehannes lei de hân by pake op it skouder en sei: "Begjin dochs in *nij* libben! En lit jim hele famylje dope. God sil ferjaan wat jim ferkeard dien ha."

De minksen dy't it hearden, waarden nijsgjirrich. Se seine: "Hjir wolle we mear fan witte!" Se krongen nei foaren en rôpen: "Sis it ús, Jehannes!"

"Kom mei", sei Sara tsjin Simon, "ik wol ek hearre wat Jehannes seit."

Der kamen noch mear minsken by te stean. Heit pakte Sara en Simon by de hân en socht in paad tusken de minsken troch.

Doe't se foaroan stiene, stapte Sara op Jehannes ta en sei sûnder te wifkjen: "Wat is in nij libben, Jehannes?"

Simon gie njonken Sara stean en frege: "Wat moatte wy dêrfoar dwaan, Jehannes?"

Doe begûn Jehannes te fertellen: "Wa't twa jassen hat, moat ien jaan oan immen dy't gjin jas hat. Wa't genôch iten hat, moat diele mei oaren dy't neat hawwe."

Minsken dy't echt op 'e nij begjinne woene, giene mei Jehannes nei de Jordaan. Pake, Sara en Simon, Daniël, heit en mem en de oare famylje rûnen ek mei. Ien foar ien stapten se it wetter yn. Dêr waarden se troch Jehannes doopt.

Tusken al dy minksen rûn Jezus. Hy woe der ek by hearre. Wat Jehannes sei, spruts Jezus wol oan. Mei dizze minsken hjir woe Hy in nij libben begjinne. Dêrom frege Jezus oan Jehannes oft Hy ek troch him doopt wurde koe.

Tegearre rûnen se it wetter yn...

Jezus die de hannen gear doe't Jehannes Him achteroer troch it wetter helle. Op datselde momint barde der wat bysûnders. De Himel gie iepen... En in do kaam nei ûnderen ta saaien. Sa moai, sa ljocht! It wie de Geast fan God. In stim klonk: "Do bist myn ynleave Soan. Ik hâld safolle fan dy!"

Doe't Jezus wer boppe kaam en nei de kant ta rûn, fielde Hy Him op 'e nij berne. Faaks hat dit de gelokkichste dei fan Jezus' libben west. De dei dat Er syn Heit yn 'e Himel dit sizzen hearde. It wiene wurden dy't Him krêft joegen. Alle kearen as Jezus oan syn doop werom tocht, fielde Er dat syn Heit yn 'e Himel hiel ticht by Him wie.